



# **JUWIELEN FOAR DÛMNY**

**(A Wing And A Prayer)**

**Komyske triller yn twa bedriuwen  
Wer yn 't publyk aktyf mei docht**

**troch**

**CRAIG SODARO**

**Fryske oersetting**

**Sjirk de Jong  
Jelmer Brouwer**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**  
**Tel: 072 - 5 11 24 07**  
**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**  
**Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

## **VOORWAARDEN**

Alle amateurverenigingen die het stuk: **JUWIELEN FOAR DÜMNY - A WING AND A PRAYER** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **CRAIG SODARO** en vertaler: **SJIRK DE JONG en JELMER BROUWER** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**© 2007 by Craig Sodaro  
Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)  
E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363  
1800 AJ Alkmaar  
Telefoon 072 - 5112135  
Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)  
Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)  
ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

**Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **8** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË:** Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Telefoon (03)3.66.44.00,  
E-mail: [bestellen@toneelfonds.be](mailto:bestellen@toneelfonds.be) en Website: [www.toneelfonds.be](http://www.toneelfonds.be).  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

## **PERSONAGES:**

**Dûmny Kevin Langeraap** - 28, de nije Dûmny van de Protestantske tsjerke fan Skarsterbrêge, in skrandere fry feint dy't sljocht is op misdied romans

**Helga Winia** - 40'er, it echte haad fan 'e tsjerke; sy is oeral by oanwêzig, sy kint elkenien en tinkt dat se oeral fan op de hichte is.

**Jehanna de Witt** - 30'er, pleatselike politika dy't har der op foar stiet dat se rjochtsstreeks ôfstammet fan de riedspensionaris Johan de Witt. Praat Nederlânsk. Spiticher nôch is se wat in tiisholle.

**Corrie Egelantier** - 30'er, de stêds-dichteresse, nog al sverich.

**Annie Christie** - 20'er, de sekretaresse fan 'e tsjerke, en ferlegen, suver in naïve jongfaam. Is as in blei tusken de haaien.

**Murk Pennekamp** - 40'er, in nij lid fan 'e tsjerke dy't de ûntankbere opjeftie op him nommen hat om lieding te jaan aan de help aksje foar 't boufûns.

**Doutzen Drinkwater** - 30'er, útdaagjend yn hâlden en dragen, mar mei in poerbêst saken ynstinkt, skynhilligen trochsjocht se gau.

**Froukje Koning** - 60, de rykste frou fan Skarsterbrêge, wa't genietet fan har rykdom en macht

*NB: de leeftiid fan de personaazjes kin wêr nedich oanpast wurde oan de beskikbare spilers. Mooglik kin der ek in froulike rol omskreaun wurden nei in man.*

## **SYNOPSIS VAN DE SCÈNES:**

### **EARSTE BEDRIUW**

Yn de Tsjerke fan Skarsterbrêge, in winterjûn.

### **TWADE BEDRIUW**

Itselde, nei it iten.

## **SETTING:**

Dit stik spilet him ôf in de tsjerkesal fan Skarsterbrêge, (*feroarje de namme fan de tsjerke yn jo eigen tsjerke at jo wolle. De setting kin ek ynfaldich oersetten wurde nei it tsjerkesaltsje by de tsjerke*).

Rjochts is de doar nei de kapstokken, de kantoaren en de hûskes. De spilers komme op troch it middenpaad fan tsjerke. In it midden stiet in tafel mei dêroerhinne in tafelkleed, wêrop de pannen en/of dekskalen delsetten wurde. Links en rjochts steane tafeltsjes mei elk fjouwer stuollen. Achter op it poadium stiet in lessenaar (brûk wêr mooglik ek de oanwêzige preekstoel). Foar yn Tsjerke is it ynrjochte mei in oantal tafels wêrt mienskiplik miel brûkt wurde kin. It publyk sit yn 'e tsjerkebanken en stuollen. As it echt yn in mienskiplike rûmte opfiert wurd, brûk die safolle mooglik troch de útgongen sa te pleatsen dat der ien entree is en ien oare útgong nei de kapstokken ensafuorthinne.

## **KLAAIÏNG:**

Dûmny kin in swarte toga drage, as netsjese klean. De oaren ha hjoeddeistige klean oan en komme binnen mei jassen en mooglik mutsen sjaal s en wanten. De froulju ha in taske by harren. Froukje draacht in bontjas en in soad blinkende juwielen, mei in protte ringen om al har fingers. Doutzen is útdaagjender klaaid as de oare froulju. Helga is it meast gewoantsjes klaait en hat mooglik en skelk foar.

**A Wing And A Prayer**

**by**

**CRAIG SODARO**

## **REKWISITEN:**

Dekskalen (en/of pannen mei lid, pas wêr nedich de tekst oan) foar elk personaazje útsein dûmny. It kinne lege skalen wêze mei mooglik in pear wiete doeken foar it gewicht

Kaartsjes as spykbriefkes

Faas mei (keunst) blommen

Papieren boardsjes, servetten, bekers/kopkes en bestek

Kadotaske mei dêryns in boek fan Agatha Christie

Mapke mei dokuminten

Grute tas (fersierd mei in poedel) wêryns 't in lege houten sieraden doas en in mobieltsje sit.

Glês wetter

Mobieltsje

Papieren bûsdoekjes

Kofje kopke

Kuorkes mei bôle

Pronkerige ring mei grutte stien

Tillefoanboek

Pronkeriche halsketting ferstoppe yn in dekskaal  
*(sjoch achter yn 't skript de list mei oanwizingen dy 't ferstoppe wurde yn 't publyk)*

## EARSTE BEDRIUW

(AS IT DOEK OPGIET komt HELGA mei in tadutsen skaal hastich OP)

**HELGA:** Dûmny! Dûmny Langeraap! Wêr binne jo!

*(Kevin komt te foar skyn ûnder de tafel wei. HELGA gjalpt*

**KEVIN:** Sorry!

**HELGA:** Wat doche jo dêr? Sherlock Holmes spylje?

**KEVIN:** O, nee. Dit soe in makje foar mister Holmes wist ha. Ik.... ik hie myn spykbriefkes falle littin (*siket syn briefkes op*)

**HELGA:** Wêr binne dy no wer foar?

**KEVIN:** (*stiet op*) Myn... myn foardracht.

**HELGA:** Nim my net kwea ôf Dûmny, jo hâlde eltse wike in preek, ja ha gjin spykbriefke nedich.

**KEVIN:** Ach, as ik preekje dan wurd ik besiele troch it wurd fan God. Jûn ha 'k it oer jild en jo witte hoe Hy oer jild tinkt. Tink oan de "lelies yn 't fjild" vrou Winia.

**HELGA:** No ja, Hy hat maklik praten. Hy hoeft net in mij dak op 'e tsjerke fan Skarsterbrêge te bestuiverjen. (*set de skaal op de grutte tafel*) SA!

**KEVIN:** En wat sit er yn dy panne?

**HELGA:** Kâlde snert slaatsje! Beppe 's resept út de krisisjierren. Sûn en sunich. (*giet hastich rjochts ôf*)

**KEVIN:** O, juffer Winia? Juffer Winia?

*(HELGA komt rjochts OP mei in faas keunstblommen dy't se midden op'e tafel set)*

**HELGA:** Wy ha wat lelies fan 't fjild nedich dûmny, fyn 'e jo ek net?

**KEVIN:** O ja, skoander, ha jo ...eh ha jo jo al... binne jo al yn 'e gelegenheid wist om .... no ja, jo witte wol ... wat rûn te freegjen

**HELGA:** O, wat jo swierrichheid oangiet.

**KEVIN:** (*Kjel*) SST!

**HELGA:** Der is hjir nog nimmen oars. Ik bin by sokke gelegenheden altyd de earste (*giet RJOCHTS ÔF*)

**KEVIN:** (*ropt nei rjochts*) En, ha jo nog wat omfreegje kinnen, juffer Winia?

(*Helga komt rjochts op mei papieren boardsjes en servetten dy't se aan ien kant fan'e tafel delset*)

**HELGA:** Ha ik wat?

**KEVIN:** Ha jo yn 'e gelegenheid wist om ..... no ja, jo witte wol

**HELGA:** Nim my net kwea ôf, mar ik ha neat te melden. Nimmen wit der wat fan ôf

**KEVIN:** Binne jo..... diskreet wist?

**HELGA:** Ach dûmny.... ik bin sa diskreet as wat!

(*HELGA giet rjochts OF en JEHANNA EN CORRIE komme troch it middenpaad OP, elk mei in skaal*)

**JEHANNA:** Avond, dominee Langeraap!

**KEVIN:** Juffer de Wit, wat aardich dat jo der binne, en juffer Egelantier, kom der yn.

**JEHANNA:** Is het nog gelukt er achter te komen wie u die brieven gestuurd heeft?

**KEVIN:** (*wol der neat fan witte*) Brieven, hokker brieven?

**CORRIE:** No, dêr't Helga elkenien nei frege hat.

**JOHANNA:** (*Schalks.*) Het lijkt erop dat u een vriendinnetje heeft!

(*HELGA komt OP met een dienblad vol bestek.*)

**HELGA:** Ik ha him sein dat se ûnskuldich binne.

**KEVIN:** Ik miende dat jo sa diskreet wist hiene, juffer Winia.

**HELGA:** No ja, ik ha de Jouster krante nog net belle! Enne, hear 's, wolle jo no witte wa't se stjoerd hat, of net? (*smyt 't blêd mei bestek op tafel*) bringe jimme no de jas en sa mar nei de kapstok, oars wurd it sa 'n binde yn ús smoeke itens-seal.

**CORRIE:** Smoeke seal! Dûmny, it fytsehok hat mear sfear as dit hok hjir.

**KEVIN:** Ach wiste, at we in nije tsjerke en mienskiplike romte boud ha, sille wy in smoeke itens-seal ha..

**JOHANNA:** (*zuchtend.*) Net op tijd voor de wederkomst van Jezus!

(*JEHANNA EN CORRIE geane rjochts ÔF, wylst ANNIE troch it middenpaad OP komt mei in tas fol boadskippem. Se ferberget*

*ek diskreet en geskink taske ûnder har jas)*

**ANNIE:** Goejûn dûmny

**KEVIN:** Ik ha dy dochs sein Annie.... sis mar Kevin. Dat ha ik tsjin elkenien sein.

**ANNIE:** O, mar ... ja, no...

**HELGA:** Moai sa famke. In sekretaresse hjert ôfstân te hâlden. Wat hast mei nommen?

**ANNIE:** Ik eeh ... kin net sa goed iten siere, (*sjocht nerveus nei kevin*) Nog net.

**KEVIN:** Alderaardichst das 't dochs wat mei nommen hast

**ANNIE:** Hâlde jo fan Tsiis en woarst?

**KEVIN:** Wa hâld dêr no net fan.

**HELGA:** Ik net. Kâlde snert slaatsje, dat is pas goed foar de terms  
(*Jehanna en Corrie komme rjochts OP*)

**JOHANNA:** Hé, Annie Christie!

**CORRIE:** Do hast dochs sa 'n moaie namme. Sa....Sa literêr.

**ANNIE:** Myn alders hâlden bot fan Tolstoi.

**JOHANNA:** Wie is dat? Je oom?

*(MURK komt troch it middenpaad OP mei in skaal iten en in documentenmap. ANNIE giet fluch rjochts ÔF om har jas op te hingjen en it taske mei presintsje te ferstopjen)*

**MURK:** goejûn allegearre! It feest kin beginne hear. De fegetaryske lasagne van Murk Pennekamp is oankommen!

**JOHANNA:** Het ruikt heerlijk!

**HELGA:** Wat ha jimme meinommen Jehanna en Corrie?

**JEHANNA:** Als trotse afstammeling van Johan de Witt...

**MURK:** En op 't stuit kandidaat foar de gemeenteried...

**JEHANNA:** ...heb ik een typisch Hollandse appeltaart meegenomen!

**HELGA:** Makke fan apels út de betuwe, tink.

**JEHANNA:** O, daar doe ik mijn boodschappen nooit. Ik ga altijd naar de Poisz.

*(ANNIE komt rechts OP)*

**CORRIE:** Ik ha myn spesjale slaatsje meinommen, die neam ik altyd

myn “grutte Griende krêft”

**KEVIN:** Dat lit ús fêst glimkjen.

**CORRIE:** Dat hoopje ik dochs net o Dûmny .... de meast foarnamê under us.

**MURK:** No ik leau dat we der allegearre wol binne (*Lûkt Kevin mei nei foaren*) Ha jo jo foardracht al klear dûmny?

**KEVIN:** Ik..... ik leauw it wol. Mar ik .... ik bin tige ...senuweftige omdat ik freechje moat om .... no ja, jo witte wol.

**MURK:** Jild? Jild is it antwurd op alles. Dat stjit yn ‘t Bibelboek Prediker.

**KEVIN:** Ik woe allinne ... no ja ... dat der in wûnder barre soe!

(*FROUKJE komt troch it middenpaed OP, se draagt in bontjas en safolle sydsulver dat se wol in krystbeam liket. Sy hat in grutte tas by har, fersierd mei in poedel, en in ta dekte skaal*)

**FROUKJE:** Wêr sil ik dit litte?

**HELGA:** Froukje Koning? Do wiest wol de lêste dy’t ik hjir ferwachte hie.

**KEVIN:** (*rint nei Froukje*) no ju, wat aardig fan jo om hjir te kommen vrou Koning. Ha jo dit sels makke?

**FROUKJE:** Tochten jo, omdat ik wat sinten om hannen ha, dat ik gjin iten siere koe?

**JEHANNA:** (*tegen CORRIE*) Ik wou dat ik een paar van die centjes van haar ergens in een oude sok vond!

**FROUKJE:** Dit is my spesjaliteit: Cherche Pigeon Choucroute.

**HELGA:** Moai, jou my mar, sjinees giet der altyd wol yn (*pakt de skaal fan Froukje oan*)

**FROUKJE:** It is Frânsk!! En foarsichtig der mei!

**MURK:** (*probearret it út te sprekkken*) Wat is Sher-sherry Pies ....??

**FROUKJE:** seane dowe flerken yn soerkoal, in resept dat ik kriegen ha fan in bistro oan ‘e Seine.

**MURK:** no, ik tink dat jo dit better yn de Seine smite kinnen.

(*Doutzen komt op mei in ta dekte skaal*)

**CORRIE:** (*ôfkarrend*) Sjoch ris wa’t we dêr ha!

**ANNIE:** (*rint nei Doutzen*) Ha, goejûn vrou Drinkwater

**DOUTZEN:** Ha goeie, hoe is 't? Is er ek nog in plakje foar myn gerjocht?

**HELGA:** Doutzen Drinkwater! Ik wist net das 't do iten siere koest

**DOUTZEN:** Ik sier ek net,, Helga, ik bak! Ik ha myn spesjaliteit meinommen. Doutzen's Bjusterbaarlike Betsjoende Bedjer taart!

**KEVIN:** Ik doar te swarren dat 'ie hearlik is.

**DOUTZEN:** Ik doar te swarren das 't 'm himelsk fyns 't, Kevin!

**JOHANNA:** Och hemeltje, voor iemand die pas lid is van de kerk is ze er snel bij.

**CORRIE:** Tja, se hat der ek it krekte model foar.

*(Helga sammelt no de jassen en tassen en de documentenmap. Ze giet rjochts ôf, nei de kapstokken, KEVIN folget har ôf)*

**ANNIE:** Wat rûkt it hjir goed!

**FROUKJE:** Ja! Lit we ta de saak komme. Myn sjauffeur hat om njoggen oere in ôfspraakje.

**JOHANNA:** O, waar is hij? Waarom laat u hem niet meedoen aan de festiviteiten?

**FROUKJE:** (heechhertig) Ach leave, hy is sjauffeur.

*(Murk rint nei 't poadium , ûndertusken komt Helga rjuchts OP)*

**MURK:** Mei ik efkes jim attinsje asjbleft? Minsken!!

*(de spilers gean oan twe tafeltsjes foaroan sitten, it makket net út wa't wêr sit . ANNIE sjocht om har hinne, merkt dat der eat úntbrekt en giet rjochts ôf)*

Krekt ja ....gean efkes sitten ... en dan gean we sa fierder mei it jûnsmiel. Dêr gean we dan. Sa't jim witte wie it lêste nachtmiel in tige wichtig miel foar ús allegearre. Jim moatte je dit mar besjen as it earste Jûnsmiel. Ja krekt ..... jûn is it begin fan in belangrike perioade yn de skiednis fan de tsjerke fan Skarsterbrêge. En no woe ik dûmny Langeraap feechje út de doeken te dwaan wêrt allegearre om giet. (*MURK siket om syn documentenmap en giet dan rjochts ÔF wêrby hy Kevin tsjinkomt dy't rjochts OP komt, wylst hy senuweftich mei syn spykbriefkes omtsjoent, CORRIE moat lûd prûste*)

**KEVIN:** (tsjin Corrie) Proast (senuweftich) Sjoch, it is goed om te sjen dat der safolle kommen binne foar ús .... nachtmiel. (*ANNIE komt rjochts op mei in glês wetter en set dit soargsem op 't poadium*)

Sjoch ris oan, tanke wol (*syn stim slacht oer*) juffer Christie. (*hy nimt in slok wetter, wyls 't Jehanna op horloazje sjocht, diskreet besiket te wêzen en dêrom, wyls 't se har tillefoan pakt rjochts ÔF giet*) Dat hie ik krekt nedig. Tanke wol Pennekamp (*sjocht sykjend rûn*) Murk? Wêr is Murk keart?

**HELGA:** No, nei it hûske tink!

**KEVIN:** Tja, ik fûn it hiel mooi, dat ... no ja, dat nimmen fan 't earste nachtmiel. Sa't jim witte bin ik... bin ik nij yn dit soarte fan saken. De tsjerke fan Skarsterbrêge is myn earste ....tsjerke. en ik bin tige bliid .... híj by jim te wêzen *Corrie prûst wer lûd* Sûnens! Mar de Tsjerk-falden ... no ja sy fine dat de tiid oanbrutsen is om it hjoed-deistige gebou te ferbouwen. Yn 't ôfrûne jier is de kachel al twa kear stikken gien ... de flier is kromlutsen, en dan hiene we nog dy freeslike snein doe't er in diel fan it plafond nei beneden kaam.....

Jo, (*KEVIN sjocht nei in vrou in it publyk, en sprekt har sa mooglik oan mei har namme, MURK komt rjochts OP*)

Frou \_\_\_\_\_, hoe is it no mei jo holle? Binne jo nog altyd draaierig yn 'e holle? Ik wit dat jo advokaat drok foar jo yn it spier is, mar ik meitsje my likernôch soargen om jo. Op 't lêst ferwachtet nimmen dy 't op snein nei de preek komt dat er troch en plafondplaat rekke wurd.

Sa't jim witte is de tsjerke fan Skarsterbrêge hast hûndert jier âld, krekt net âld genôch om op de monumintelisit foar te kommen en dêrtroch krije wy ek gjin subsydzje. Dus ... dus eh ... no ja, de tsjerk voogden soene graag wolle dat wy beginne mei .... jild yn te sammeljen foar de bou fan in nije tsjerke (*it publyk begjint te suchten en te steunen CORRIE prûst foar de tredde kear en giet rjochts ôf. KEVIN ropt har nei wylst JEHANNA op komt en besoarge sjocht*) Sûnens fanke (*tsjin 't publyk*) Tsja minsken, ik wit it ... ik wit it. It is hjoed de dei foar elkenien net maklik rûn te kommen, mar de heare seit.....

**HELGA:** Dûmny Langeraap, hoefolle moat der komme om in nije tsjerke te bouwen?

**KEVIN:** O, sjoch, ja ... ik ha gjin ... sifers, mar meneer Pennekamp?

**MURK:** ik leaû dat in tsjerke sa 't wy 'm ha wolle mei in mienskipspromte en kantoaren sok iets as ....eh....

**DOUTZEN:** Do wynst die de kont foar wei!

**JOHANNA:** Meneer Pennekamp, de enige manier is het de mensen zonder omwegen eerlijk te vertellen.

**HELGA:** (Sarkastysk) En dat sei 't in politika.

**MURK:** Sjoch frou ... wy sille in miljoen Euro's nedich ha.

**HELGA:** Wat wolle jo bouwe? De Taj Mahal? (of "in kathedraal")

**MURK:** No nee, mar bouwen is ferrekte djoer op 't heden!

**ANNIE:** De nijbou yn de bistetún hat oardel miljoen koste

**DOUTZEN:** Wat ha se dêr delsetten dan?

**ANNIE:** In apekooi.

(CORRIE komt Rjochts OP, faget har noas ôf mei in papieren bûsdoek)

**CORRIE:** Sorry! Iets te folle piper yn 'e loft

**DOUTZEN:** Neat wat kofje net oplosse kin (giet rjochts ÔF)

**KEVIN:** No bêste minsken, as apen al safolle wurdich binne ... hoefolle mear binne jimme sels dan wol net wurdich?

**HELGA:** Wa seit dat de Heare jo gjin ynspiraasje jout as jo it om sinten giet, dûmny? Nimenkin dêr ek mar wat tsjin yn bringe!

**MURK:** Wy tochten der oan om sa no en dan in hapke mei elkoar te iten, wêrby wy jim fertelle kinne hoe 't de aksje rint. Wy wolle by jim allegearre lâns komme sadat elkenien oanjaan kin hoefolle hy jaan wol. (gesteun troch it publiek)

**KEVIN:** Tink der om, de Heare hâld net fan deune minsken

**FROUKJE:** Mei ik wat sizze Pennekamp?

**MURK:** Fansels vrou Koning.

(Doutzen komt rjochts OP mei de kofje dy 't se op tafel set en skinkt foar har sels yn)

**FROUKJE:** (giet stean) Myn man Max en ik wiene by de eardere sammel aksje. Dat wie om dizze tsjerke te ferbouwen. Destiids hiene wy trichtûzen gûne nedich om 't goed te dwaan. No dat sjitte op as in aap nei de moanne. It gie by dûbeltsjes en kwartsjes. Der waard in gat groeven. Doe moasten wy in jier wachtsje oan 't der in pear daalders by kommen wie, om de fundearring te lizzen. Doe nog in pear jier wachtsje foardat de muorren oplutsen waarden, en doe .....

**HELGA:** Giest no oer elke spiker dy't slein is fertellen Froukje?

**FROUKJE:** No ja, jim snappe wat ik bedoel, doe wie it dreech om jild yn te sammeljen en dat falt nog altyd net ta.

**ANNIE:** No ja, ik ... jou myn lean fan in moanne.

**KEVIN:** Dat is tige gûl fan jo, juffer Christie

**MURK:** Mar as eltsenien sa royaal wie, soe it net sa lang duorje as....

**FROUKJE:** It is hielendal net nedich dat in sekretaresse har earmoedige salaris skinkt.

**JOHANNA:** Natuurlijk niet, als *u* het hele bedrag doneert.

**FROUKJE:** Dat is krekt wat ik dwaan gean

*(allegearre snakke nei asem)*

**KEVIN:** Mar vrou Koning ... !

**FROUKJE:** Ja?

**KEVIN:** Dat is in protte jild!

**MURK:** In miljoen euro!

**FROUKJE:** Se nimme my net foar neat it rykste frommes fan Skarsterbrêge

**CORRIE:** En ik mar tinke dat dat sterk oerdreaun wie.

**FROUKJE:** Op myn leeftiid moatte jo oan je takomst tinke. En ik frege my ôf wat ik foar goeds dien hie op dizze ierdbol.

**KEVIN:** Jo ha fêst geweldige dingen dien!

**HELGA:** Sa as wat?

**ANNIE:** Ach toe no vrou Winia. Frou Koning hat yn safolle rieden fan kommissarissen sitten, dat 'r foar har neat te rieden oerbliuwt.

**FROUKJE:** Mar dat wiene kommissariaten by bedriuwen. Om winst te meitsjen. Die diene mar justjes wat foar de ... de ... lytse man (*giet sitten, Drôvich*) mei ik miskien ein glês wetter?

**DOUTZEN:** Wat tinkst fan in kop kofje. Der ha we mear as genôch fan.

**KEVIN:** Tja, wy binne allegearre ... tja ... tige ....

**JOHANNA:** Stomverbaasd!

**KEVIN:** Ik woe sizze tankber.

**JOHANNA:** Ja, dat ook.

**MURK:** Ik tink dat dit sawol ús earste, as ús leste nachtmiel wurd

*(KEVIN smyt syn spyk briefke yn é loft)*

**HELGA:** Wat dogge jo no dûmny?

**KEVIN:** Wy ha myn 248 redenen werom we de tsjerke ferbouwe moatte net mear nedich.

**FROUKJE:** *(undertusken jout Doutsen har de koffie)* Dêr binne wy allegear bliid mei. Tankewol vrou Drinkwater

**MURK:** Ik tink dat we it biddel komitee wol stopje kinne. Wy moatte no in bouplœg oprjochtsje

**HELGA:** Dêr wol ik yn, ik fyn de kleuren fan dizze tsjerke freeslik

**JOHANNA:** Nou ja zeg, die heeft mijn moeder nog uitgezocht!

**HELGA:** Ja foardat se immen fertelde dat se kleureblyn wie.

*(FROUKJE begjiint te hoasjen en te prústen, ûndertusken giet Helga rjochts ÖF)*

**KEVIN:** Wat hat se?

**ANNIE:** Smoart se?

**CORRIE:** Och leave santjin! De wraak fan de goaden!

**MURK:** Wist seker dat der allinnich mar kofje in siet?

**DOUTZEN:** Wat bedoelst dêr mei?

**FROUKJE:** It .. it ... giet al wer.

**JOHANNA:** Hier, neem nog een slok!

**ANNIE:** Jehanna!

**FROUKJE:** It giet al wer.. it skeat my allinne mar yn 't sneinske kielsgat. Dat hast op myn leeftiid. Goed...., wer is myn tas? *(sjocht ferskrikt om har hinne)* myn tas, WER IS MYN TAS!!!

**ANNIE:** Dy sil fest hir of dêr wêze

*(Sjocht sykjend om har hinne)*

**CORRIE:** Wist seker das 't er ien meinommen hast?

**FROUKJE:** Fansels wit ik dat seker!

**DOUTZEN:** Hear ris, wy ferjritte allegearre wol ris wat, en op jo leeftiid....

**FROUKJE:** Ik bin it net ferjitten! Ik ha 'm meinommen omdat ....

**KEVIN:** Omdat werom?

**FROUKJE:** Der in miljoen euro yn sit!

**MURK:** Sikje de tas! Wy moatte de tas fine. (*tsjin it publyk*) Allegearre oaral sykje

**ANNIE:** Sjoch ûnder jo stoel!

**CORRIE:** Under de tafels!

**DOUTZEN:** Under jo buorman!

**KEVIN:** Hoe kinne jo no in miljoen euro yn é tas ha, frou Koning?

**JOHANNA:** U had zeker een biljet van een miljoen, hè? Die zag ik bij AliBaba op de site ... maar weet u wat zo gek was? Ze kostten maar vijf euro.

**MURK:** Der bestiet net soks as in biljet fan in miljoen euro Jehanna. En asto do yn 'e gemeenteried wolst, dan kinst dat mar better ûnthalde.

**JOHANNA:** Gossie. Denk je dat?

**FROUKJE:** Myn juwielen sitte der yn! De juwielen, dy't myn man silliger my jûn hat! Foar in miljoen oan robinen, diamanten en smaragden ... en pearls.

(*Helga komt rjochts OP mei ferskillende kuorkes bolle*)

**ANNIE:** Frou Winia, ha jo de tas fan frou koning sjoen?

**HELGA:** (*set de kuorkes bolle op de tafels*) O, dat grutte swiere kring mei die ôfgryslike Poedel derop?

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via  
[www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en  
toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.



[info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)



072 5112407



**"Samenspelen" is ons motto**